



FRYSK BOEKEWIKEGESKINK 2003 SKREAUN TROCH DURK VAN DER PLOEG

De sniewinter: in sprong nei it ljocht

It wie in wolkome ôfwikseling. Skriuwer Durk van der Ploeg út Feanwâlden hie krekt in punt setten efter syn lêste roman Foarby it Boarkumer fjoer, dêr't er oardiel jier lang mei te set west hie, doe't er heal jannewaris 2002 opbelle waard troch stifting it Fryske Boek. Oft er it boekewikegeskink foar 2003 skriuwe woe. Hy sei ta en gie daliks oan 'e slach. It skriuwen gie as it spoar; seis wike letter hie er syn nijste novelle klear. De sniewinter is no yn de boekhannel te krijen.

As motto fan syn boek keas Van der Ploeg foar in sitaat fan John Cheever: „in man op jierren is mar in miserabel ding, in skurve jas op in beantsjestôk, of it moat wêze dat er de kleurige sfear sjocht fan de fûgel dy't moed hyt - cardinalis virginianus yn dit gefal - en oh, wat in sprong makke syn hert.” De novelle yn nutedop, soene je sizze kinne. Want de man op jierren docht jo daliks tinken oan de haadpersoan fan it ferhaal, Adam Dongera, dy't mei help fan de kleurrike keunstneresse Barbara de moed kriget om syn ferline letterlik en figuerlik los te litten en wer nei de takomst te sjen.

As it ferhaal begjint is Adam krekt fiif wike widner fan syn frou Eelkje dy't er oan kanker ferlern hat. Tegearre hawwe se yndertiid fiif bern krigen. Fjouwer dêrfan binne útflein nei fiere oarden. De fiifde, in neikommer en 'memmepop' is as jonkje yn in sniewinter troch in tragysk ûngelok omkommen. It libben dat dêrop folget wurdt dominearre troch it fertriet oer it ferstjerren fan de jonge en it stil ferwyrt fan Eelkje oan Adam syn adres: it soe syn skuld wêze dat Gjerrit ferdrongen is. As Adam úteinlik allinnich oerbliuwt, - kontakt mei de oare bern is der net -, bedobbet er him yn syn dykhúske op Iezumasyl en syn hokke-

boel: oerbleaune tekens fan syn ferline. Want by elk nijberne bern hie Adam as grutske heit in hok foar it fermearderjen fan it fee timmere; as takomst foar syn bern.

It libben giet syn gonkje oant op 'e nij in sniewinter in kear bringt yn it libben fan dizze wat ienselvige man. Adam komt dan neier yn 'e kunde mei de keunstneresse Barbara Appelaar. Dizze frou hat sûnt koart har atelier yn it tsjerkje fan Teard, in buorskip tusken Ie en Eanjum. De kjeld fan 'e winter bringt dizze twa minsken tichter by elkoar. Adam skuort har mei de waarmte fan syn brânje de winter troch. Sy makket de takomst yn